



Oan:
de leden fan de Kearngroep KAG-FU,
mefr. G. Hoekstra-Zagemans (foars.)
Dielakker 13
8629 RC SKEARNEGOUTUM

Drachten/Ljouwert, 28 des. 2009,

Underwerp: (1) Fyzje op Frysk yn it FU en mear (2) eineksamenkandidaten Frysk

Achte leden fan de KAG-FU, achte mefr. Hoekstra (foars.),

It hat ús bliken dien dat yn in gearkomste fan de Kearngroep KAG-FU yn jannewaris 2010 it ûntwikkeljen fan in 'Fyzje op it Frysk yn it fuortset ûnderwiis' in wichtich plak kriget op jimme wurklist.

As 'Oanfalsgroep Frysk' (FFU, RfdFB, FA) hawwe wy ús ek oer dy fyzjefraach bûcht. Dêr is yn 2008 ús 'Oanfalsplan Frysk' út fuortkommen, dat ek troch de Steatekommisje *Boarger en Mienskip* wiidweidich behannele is en dêr - njonken wat kritykpunten oer de toan - ynhâldlik gâns ynstimming fûn hat. Haadstik I út ús plan behannelet ús *fyzje* (s. 2-15), haadstik II 'Underwiis en Wittenskip' (s.16-32).

Wy soene jimme dan ek freegje wolle om by jimme tinkproses oer de **fyzje** op it Frysk yn it fuortset ûnderwiis en de fraach hoe't der mear **eineksamenkandidaten** Frysk komme kinne, (ek) omtinken te jaan oan ús opfettings.

Wy stjoere jimme oer de gewoane post it haadstik oer 'Underwiis en wittenskip' (s. 16-32) en oer de e-post (1) datselde haadstik (17 siden) en (2) it hiele 'Oanfalsplan' (100 siden). Dat oanfalsplan is ek oan te klikken op it webstek fan de FFU: www.fryskebeweging.nl/FFU/ → **Aktiviteiten & Brieven** → *Brieven en oare stikken (útgjene) stikken 2008*. Dêr binne ek mear stikken oan te klikken dy't fan belang west hawwe by de behanneling troch de Steatekommisje.

Wy soene it op priis stelle om begjin 2010 ris fan jimme te hearren oft en wat jimme oan ús plan hân hawwe.

Mei rju achtinge,

drs. Sytze T. Hiemstra,
skriuwer FFU

Bylagen:

- (1) 'Oanfalsplan Frysk' en (2) it part út dat plan oer it (fuortset) ûnderwiis yn it Frysk (e-post)
- (1) haadstik II út it Oanfalsplan oer 'Underwiis en wittenskip' (oer de gewoane post)